

*De Stifting Fryske Akademy (FA) docht wittenskiplike ûndersyk nei de Fryske taal, de meartalige maatskippij en de regionale skiednis fan Fryslân. Mei multydisiplinêr ûndersyk leveret de FA fernijende bydragen oan it ynternasjonale wittenskiplike debat, draacht by oan it akademyske klimaat yn Ljouwert en Fryslân, en generearret ynspirearjende fûnemintele en tapasbere kennis foar en oer de mienskip. Op dy wize wurket de FA oan wittenskip op nivo, mei each foar maatskiplike ympakt en bassearre op in sterk engaazjemint mei Fryslân en de Friezen. De FA sit stevich yn de regio bewoartele en is oan de Koninklijke Nederlandse Akademie van Wetenschappen (KNAW) liearre. It ynstút dielt de kennis dy't opdien wurdt mei tal fan wittenskiplike ynstellingen en maatskiplike partijen yn binnen- en bûtenlân, lykas it Instituut voor de Nederlandse Taal (INT), it KNAW Humanities Cluster (HuC), Campus Fryslân/Ryksuniversiteit Grins (RUG) en it Centre for Language and Speech Technology (CLST – Radboud Universiteit).*

Wij binne op syk nij in:

## **Meiwurker citizen science en kennisbenutting**

22,8 oeren / 0,6 fte wyks

**Sjochsto kânsen om ûndersyk op it mêd fan taal, kultuer, skiednis en identiteit fan Fryslân mooglik te meitsjen en op in strategyske wize út te dragen nei en mei de mienskip? En wurkesto graach gear mei elkenien binnen en bûten de Fryske Akademy oan de ferhalen fan Fryslân? Dan is de funksje Meiwurker citizen science en wittenskipsfalisasaasje wat foar dy. As Meiwurker citizen science en kennisbenutting hâldsto de belangen fan de leden, stipers en de maatskiplike wurkferbannen/-groepen yn it each, mar ek fan oare gearwurkingspartners fan de Fryske Akademy. Do bist in spin yn it web fan alle belanghawwenden yn ús netwurk. Provinsjaal en (ynter)nasjonaal.**

*De Fryske Akademy is in platte organisaasje, dêr't de wittenskiplike en de net-wittenskiplike stêf en it lytse managementteam nau mei-inoar oparbeidze. Troch in kearnteam fan likernôch 15 ûndersikers, oanfolle mei (gast)ûndersikers op projektbasis, wurdt der wurke oan heechwaardich ûndersyk nei hoe't de Fryske kasus him yn Europeesk en komparatyf perspektyf op de lange termyn ûntjout, ek nei spesifike tema's en it ûntwikkeljen fan praktyske (digitale) tapassingen yn de mienskip. De bestudearre tema's litte in breed ferskaat sjen, fan taaldeskripsje, meartalichheid en taallearen oant skiednis, maatskippij, kultuer en identiteit. De ûndersykstema's wurde yn konkrete projekten útwurke. Mei de ekspertize op it stik fan it Fryske as útgongspunt, wurdt der ek wurke oan tema's mei in grutter berik as Fryslân allinne; troch de ekspertize dy't partners ynbringe, kin der mei oare eagen nei de Fryske taal, kultuer en skiednis sjoen wurde.*

*De Fryske Akademy wol him noch sterker rjochtsje op kânsen foar ûndersikers mei talint en op multy- en ynterdissiplinêr ûndersyk. Foar dat lêste wurdt de gearwurking mei regionale, nasjonale en ynternasjonale partners socht. Tagelyk wol de Fryske Akademy syn bannen ûnderhalde mei de efterban en him noch sterker waartelje yn de mienskip. Dêrneist wol de Fryske Akademy syn posysje yn Europa fersterkje troch syn ekspertize mear buorkundich te meitsjen en kennis mei oare partijen út te wikseljen.*

Wy sykje in ûndernimmende kollega dy't binnen de portefúlje fan it MT-lid 'koördinator ûndersyk finansiering en strategyske gearwurking' ferskate saken oppakke sil. Der is binnen dizze funksje in soad romte foar eigen ideeën en inisjatyf. As kollega op de portefúlje ûndersyk finansiering en strategyske gearwurking silst do plannen útwurkje en koördinearje foar de takomst fan ús wurkferbannen/-groepen, ús stipersbelied en ledebilied. Mar ek nije foarmen fan citizen science en kennisbenuttingskânsen behearre ta dyn wurk. Foar de bûtewacht bisto hjirby it koördinearjende oansprekpunt en ús ferbining mei de mienskip. Dêrby is in goede planning en it beweitsjen fan de fuortgong dêrfan fanselsprekkend foar dy.

## Wolsto by ús wurkje?

### Dyn profyl:

- Do hast in WO-oplieding dien.
- Do witst fan en hast wurkûnderfining op it mêd fan kennisbenutting yn in wittenskiplike omjouwing.
- Do kinst goed harkje en do hast in noflike wize fan kommunisearjen, dy't it dy mooglik makket om effektyf te netwurkjen en mei sukses gear te wurkjen.
- Do hast ûnderfining mei it fertsjintwurdigjen fan dyn organisaasje.
- Do kinst goed gearwurkje mei partijen op ûnderskate nivo's binnen en bûten de organisaasje en kinst goed in netwurk opbouwe en ûnderhâlde.
- Do hast it Nederlânsk en Ingelsk, mûnling likegoed as skriftlik, folslein yn 'e macht. As dat ek foar it Frysk jildt, dan is dat in pree, en oars wolle wy dy it Frysk mei alle wille leare. Dat kin fia in taalkursus dy't de Fryske Akademy foar dy fergoedzje kin en wy kinne ek tiid beskikber stelle om de taal te learen.
- Do doarst de foarstap te nimmen, stelst dy fleksibel op en wurkest op it doel ta.

### Wat biede wy?

- In útdaagjende baan foar in generalist yn 'e wittenskip, mei de kâns om in wêzentlike bydrage te leverjen oan in organisaasje en oan ûndersyk yn ûntwikkeling.
- Fleksibele wurktiden en mooglikheden om thús te wurkjen.
- Wy biede in kontrakt oan dat sa gau as mooglik yngiet, ynearsten foar in jier. It is ús yntinsje om de funksje foar langere tiid yn te foljen en dêrom sil by goed funksjonearjen de oerienkomst ferlinge wurde.
- Ofhinklik fan oplieding en wurkûnderfining is it salaris by in folslein tsjinstferbân op syn meast € 5.929 smoarch yn 'e moanne (UFO-profyl *Coördinator externe samenwerking*, nivo 4, skaal 11, cao Nederlandse Universiteiten). Oangeande de arbeidsbetingsten brûke wy in model dat de romte biedt om te kiezen.
- In wurkomjouwing dêr't men jin wolkom en wurdearre fielt. Dêr't omtinken is foar yndividuele kwaliteit en dêr't de mooglikheden om jin fierder te ûntjaan foarop steane.

### Wolsto mear witte?

Wy wolle dy graach mear fertelle oer dizze funksje. Nim dêrfoar kontakt op mei Marit Bijlsma, MT-lid Koördinator Undersyksfinansiering en Strategyske Gearwurking fia e-post nei [mbijlsma@fryske-akademy.nl](mailto:mbijlsma@fryske-akademy.nl) of telefoanysk fia nûmmer (058)213 14 14 (resepsje).

De earste petearronde stiet pland foar tiisdei 5 maart 2024.

### Wolsto sollisitearje?

Do kinst in motivaasje mei cv foar moandei 19 febrewaris 2024 maile nei de hear Anne Mulder, HR-adviseur, û.f.f. "01-2024-Citizen" nei [wurkje@fryske-akademy.nl](mailto:wurkje@fryske-akademy.nl)



KONINKLIJKE NEDERLANDSE  
AKADEMIE VAN WETENSCHAPPEN

*kwisysje nei oanlieding fan dizze fakatuere wurdt gjin priis op steld.*